



Skikky



Dizze Skikky is fan: _____





Wat in blommen!

De hiele wrâld stiet fol mei blommen. Grut, lyts en yn allegear kleuren en foarmen.

Blommen lykje ferskillend, mar sjoch marris fan tichtby.

Alle blommen binne op 'e selde manier opboud.

Blommen hawwe: In kroan. Dat binne de moai kleurde blêdsjes oan 'e boppekant.

In tsjelk. Dat binne de griene blêdsjes dêr krekt ûnder.

In stâle. Om moai heech yn 'e sinne te stean.

Blêden. Om mei te sykheljen.

Woartels. Om mei te iten en te drinken.

De woartel soarget der ek foar dat de blom net omwaait.


De blommen yn de blommewinkel hawwe meastentiids gjin woartels mear.

Dy sitte noch by de kweker yn 'e grûn.



Opdracht:

Tekenje ris in moaie blom. Tekenje dúdlik in kroan, tsjelk, stâle, blêden en woartels. Skriuw dizze wurden by dyn tekening.






Ynfo 1 feest

Hynders

Alle hynders binne famylje fan elkoar. Mar der binne ferskillen yn grutte en kleur. Minsken brûke hynders al ieuwenlang. Troch te fokken ûntstiene earst lytse en letter grutte ferskillen. Oan de nammen fan hynders kinst faak hearre wêr't se wei komme. Fryske hynders binne altyd swart. Shetlanners binne faak bûnt en net heger as in meter. In Fjord is griis mar syn snút, sturt, moanjes (manen) en fuotten binne altyd swart. Sa kinst se útinoar.



Opdracht 1.

Ut hokker lân komme dizze hynders? Kies út Skotlân, Fryslân, Arabië, Yslân, Noarwegen, en België.

It Frysk hynder _____

De Yslanner _____

De Shetlanner _____

De Fjord _____

De Arabier _____

De Belch _____

Opdracht 2.

By hynders hearre spesjale wurden. Lûk in lyntsje nei de goede betsjutting.

- | | | | |
|----------|-----------------------|-----------------------|-----------------------------------|
| Merje | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | In hynder fan ien jier âld |
| Inter | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | It hier op 'e nekke fan in hynder |
| Hynst | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | De sydkant fan in hynder |
| Moanjes | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | In hynder ♀ |
| Flank | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | In hynder fan twa jier âld |
| Foaltsje | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | In hynder ♂ |
| Hoef | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | In jong hynder |
| Twinter | <input type="radio"/> | <input type="radio"/> | De neil fan in hynder |




UUUUU

Skikky

UUUUU



Skiednis 1 feest





Feest en flaggen

As it feest is stiet de flagge op 'e toer. Soms de Nederlânske flagge, mar meastentiids de Fryske. Friezen binne grutsk op harren flagge. Elkenien wit hoe't ús flagge der útsjocht. Sân skeve banen, fjouwer blau en trije wyt, mei dêrop sân reade pompeblêden.

Flaggen binne der al hiel lang. Se fertelle faak in protte oer de skiednis fan in lân of provinsje. In âld ferhaal fertelt dat de Friezen 1000 jier lyn in protte lêst hiene fan rovers. Dy rovers kamen út Noarwegen en Sweden. Minken neamden se Vikingen of Noarmannen. Fryslân wie yn dy tiid folle grutter as no. Sân Fryske stammen ha doe ôfpraat inoar te helpen as de Noarmannen wer kamen. Sa binne der sân pompeblêden op ús flagge kaam.

Opdracht 1.

Sykje op ynternet, op in flaggeposter of yn in atlas ferskillende flaggen op. Tekenje se nei. Brûk fansels de goede kleuren. Skriuw ek de namme fan it lân ûnder de flagge.



Feest



Mei ús toeters en ús bellen
mei de flagge op 'e toer,
wolle wy oan elk fertelle
fan ús feestlik aventoer.

Feest as ik al wer wat lear,
omdat wy de wrâld ûntdekke,
elke dei in bytsje mear.

Feest dat is in grut bosk blommen,
en in dikke tút der by.
Feest as al myn freonen komme
en fansels is 't feest mei dy!

Feest as ik al wer wat lear,
omdat wy de wrâld ûntdekke,
elke dei in bytsje mear.







Taal 1 feest

Opdracht 1.

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters. De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk. Sjoch nei de plaatsjes en skriuw de wurden goed op.



| | |
|--|--|
| | |
| | |
| | |
| | |
| | |
| | |

Opdracht 2.

Skriuw alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rij. De wurden dy't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.




Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:

kreas, ymker en rêste.

Kinsto se op it goede plak sette?

| | | | | |
|---|--|---|--|---|
| 1 | | 2 | | 3 |
| | | | | |
| 2 | | | | |
| | | | | |
| 3 | | | | |



Yn dizze puzel sitte: **senuw, snits** en **iepen**.

| | | | | |
|---|--|---|--|---|
| 1 | | 2 | | 3 |
| | | | | |
| 2 | | | | |
| | | | | |
| 3 | | | | |

Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

| | | | | | |
|---|---|---|---|---|---|
| 2 | | | | | 1 |
| | 1 | | | 2 | |
| | | 6 | 1 | | |
| | | 5 | 2 | | |
| | 4 | | | 6 | |
| 3 | | | | | 5 |